

DOARPSKRANTSJE

EASTEREIN jannewaris 2025



COUPERUS HYDRAULIEK B.V.

Couperus Hydrauliek ontwikkelt, ontwerpt en bouwt hydraulische systemen voor elke denkbare toepassing.

Mobiele hydrauliek



Hydrauliek voor industrie

Maritieme hydrauliek



Techniek is onze drive!

Couperus Hydrauliek BV | Fabrykswei 9 | 8736 HV | Easterein
info@couperushydrauliek.nl | 0515-332288 | www.couperushydrauliek.nl

Kolofon

Nûmer 1 – jannewaris 2025

Redaksje:

Bauke de Boer

Helga Develing

Klaas de Jager

Jet Postma

Einredaksje: Karin Sjaarda

Foto foarside: Henk Duimelaar

Opmaak: Froukje Dijkstra

Printwurk: Drukkerij Van der Eems

Kopij Doarpskrantsje:

doarpskrante@easterein.nl

as by Karin Sjaarda,

Andries Joustrastrjitte 5

Webside Easterein.nl:

info@easterein.nl

Twitter: @easterein_frl

Facebook: [Fraach&oanbod&sa](#)

Advertinsje?

Mail nei doarpskrante@easterein.nl

Rekkennûmer:

NL70 RABO 0349 5017 26

û.f.f. Doarpskrante

De redaksje fan de Doarpskrante stelt har net oanspraaklik foar de ynhâld fan ynstjoerde stikken. De redaksje behâldt har it rjocht foar om artikels yn te koartsjen of mooglik te redigearjen. Troch it ynstjoeren fan tekst-en/of byldmateriaal jouwe jo tastimming foar it fermannichfâldigjen hjirfan.



OP NEI IN PRACHTIG
EN FONKELIJ JIER!



Kopijdatum:

Woansdei 29 jannewaris

(ferskynt 7 febrewaris)

LEANBEDRIJF OKKEMA



CONTACT

☎ 0515-331366
📞 06-26569428
✉ info@okkema.nl
🌐 www.okkema.nl

LEANWURK **KRAANFERHIER** **GRÛNFERSET**
EK FOAR: SÂN • TÚNGRÛN • WÂLBESKOEIING • BESTRATING • EN MEAR

📍 Wynserdyk 24, Easterein



Sandstra

— Trading BV —



Mesthandel



Transport



Caravanstalling

Sandstra trading bv
Skrok 2A
8734 HG,
EASTEREIN

info@sandstra.nl
www.sandstra.nl
Mobiel Transport: (06) – 51 796 583 (Bauke Sandstra)
Mobiel Transport: (06) – 20 391 631 (Germ Sandstra)

Doarpsaginda Jannewaris

Jannewaris

08 jannewaris	07.00-08.30	Grize kontener
09 jannewaris	12.00	Samen eten, <i>De Skoalleseize</i>
11 jannewaris	20.00	CoVos DS 1 - A.V.C. 69 DS 1, <i>Sporthal De Greidhoeke</i>
	22.00	DAS GROË TIROLER BIERGARTEN: XXL Tirolerparty met Supertolle & Timmie Tirol!, <i>Bergsma</i>
15 jannewaris	07.00-08.30	Krystbeammen wurde ophelle
18 jannewaris	14.30	SDS 1 - DTD 1, <i>De Skoalleseize</i>
16 jannewaris	19.30	Filmavond, <i>Hartwert (Middelzeedijk 3)</i>
21 jannewaris	07.00-08.30	Ald papier kontener
22 jannewaris	07.00-08.30	Grize kontener
26 jannewaris	16.00-20.00	Blues cruise mei 'The Blues Busters', <i>Bergsma</i>
29 jannewaris	07.00-08.30	Griene kontener
	20.00	Lêste ynleverdei kopij Doarpskrante

Febrewaris

01 febrewaris	14.30	SDS 1 - Scharnegoutum 1, <i>De Skoalleseize</i>
	20.00	CoVos DS 1 - VC Bolsward DS 2, <i>Sporthal De Greidhoeke</i>
	22.00	Partytime!, <i>Bergsma</i>
05 febrewaris	07.00-08.30	Grize kontener
07 febrewaris	20.00	Ledegearkomste Oranje & Heitelân, <i>De Skoalleseize</i>

Dizze ynformaasje komt fan easterein.nl en út de mailsjes dy't wy krije.

Ha jo ek wat foar de doarpsaginda? Mail it dan nei doarpskrante@easterein.nl



**Kapsalon
Wilma**

VOOR DAMES EN HEREN

Hottingawei 4
8771ST Nijland

OPENINGSTIJDEN:

Dinsdag 8:30 - 18:00

Woensdag 8:30 - 12:30

donderdag 8:30 - 18:00

vrijdag 8:30 - 21:00

Andere tijden in overleg



Bel. 0515 569099
App. 06 22726324

Lang haar en bruidspecialist - Goldwell mastercolorist





Sporthal & Sportkafé De Greidhoeke



☎ 0515-331922

✉ info@degreidhoeke.frl

Follybal - Tennis - Badminton -
Sealfoetbal - Basketbal - Kuorkebal -
(Muor)keatsen - Gymnastyk

Dé ontmoetingsplek van Leeuwarden!

**BEDRIJFSVERZAMELGEBOUW – FLEX WERKPLEKKEN – SPORT & FITNESS
SUPERSNEL GLASVEZEL INTERNET – VERGADERRUIMTES – EN MEER...!**



@defabriek058



facebook.com/defabriek058

LEEWARDEN
DE FABRIEK

JAMES WATTSTRAAT 4 / LEEWARDEN / 058 - 30 30 490
WWW.DEFABRIEKLEEWARDEN.NL

Minsken fan Easterein

Hjirby wolle wy elkenien betankje foar de kaarten, blommen en noch folle mear dy't wy krigen hawwe nei it bekend wurden fan myn sykte.

It hat ús tige goed dien en krêft jûn om troch te setten.

Ik bin begûn mei immunoterapy.

Tige, tige tank foar jimme ûndersteuning.

Theo en Jellie Jelsma




Opbrengst collecte voor oorlogskinderen in Oekraïne

Het weer zat ons niet mee, eind november met de huis-aan-huis collecte voor oorlogskinderen in Oekraïne. Maar met het eindresultaat zijn we blij!

In Easterein werd € 594,52 opgehaald en in Itens € 94,73. We konden in totaal het mooie bedrag van **€ 689,25** overmaken naar Kerk in Actie. In samenwerking met de kerken in Oekraïne kan er, dankzij deze landelijke collecte, heel veel hulp geboden worden aan kinderen en hun families in deze langdurende oorlog.

De collectanten heel hartelijk dank voor jullie inzet en ook iedereen bedankt voor de bijdrage die dit resultaat mogelijk te maakte.

Tynke Joustra





Bergsma
Easterein



RESTAURANT



0515-331290



PARTYCENTRUM



INFO@BERGSMAEASTEREIN.NL



TROUWLOCATIE



ZAKELIJK



WWW.BERGSMAEASTEREIN.NL



CATERING

Metz Style

KAPSALON VISAGIE

U kunt ook
reserveren via
metzstyle.nl

Dinsdag

8.30-12.30

13.30-18.00 uur

Woensdag

8.30-12.30

13.30-18.00

18.30-20.00

Donderdag

8.30-12.30

13.30-18.00

18.30-20.00

Vrijdag

8.30-12.30

13.30-18.00

18.30-20.00

Zaterdag

8.00-12.30 uur

Terp 27

8731 AX Wommels

0515 333 873

www.metzstyle.nl

IT SPOAR WEROM



10 APRIL O/M 11 MAAIE
15.00 EN 20.00 OERE
MARTINITSJERKE EASTEREIN
WWW.JMTEATERWURK.NL



It spoar werom

Troch Jan Arendz en Marijke Geertsma

15 april 2025 is it 80 jier lyn, dat der yn Fryslân in ein kaam oan de Dútske besetting fan Nederlân yn De Twadde Wrâldoarloch. Yn de oarloch fan '40-'45 wiene der minsken dy't de moed hiene om tsjin de besetter yn te gean. Op wat foar wize dan ek. Tûzenen minsken ha har ynset troch ferset te plegen foar ús frijheid. Yn hiel Fryslân en sa ek hjir yn Easterein.

Wy steane yn de foarstelling 'It spoar werom' njonken it ferhaal fan Abel de Jong oer de syktocht nei syn heit en mem, ek stil by trije fan dy minsken út Easterein; wy wolle dy mannen wer in 'gesicht' jaan. Sy ha harren libben jûn foar ús frijheid of binne slachtoffer wurden troch de striid foar dy frijheid.

Andries Joustra stoarn 18 augustus 1944 yn Vugt,
Enne Bruinsma stoarn op 28 april 1945 by Neuengamme,
Gerrit Joustra stoarn op 22 july 1944 by it Hearrenfean.

Op 15 april 1945 komt der yn Fryslân wer frijheid... mar wat in fertriet, ûnwissens, ûngeloof en miskien ek likens sil dat jûn ha by de achterbliuwers. Frijheid, mar toch achterbliuwe mei in leech gefoel en in protte fragen.

Wy binne mei de hiele ploech fan J&Mteaterwurk dwaande mei alle tariedingen, ek yn oparbeidzjen mei tal fan ferienings út Easterein sels en dat giet fantastysk. Sjoukje Heins-Scheltema hat al moai wat koarleden byelkoar skarrele, de earste komposysjes fan Tseard Nauta binne klear, de spilers leare de tekst en dan kin it heve yn april en maaie. De kaartferkeap is op gong kommen en de earste pear hûndert kaarten binne ferkocht. Wy hoopje fansels dat jimme oan elkenien fertelle dat it in bysûnder barren wurdt: earst yn kafee Bergsma, dan om en yn dy prachtige Martinitsjerke en dan werom nei Bergsma. Foar alle ynfo en om kaarten te bestellen sjoch op www.jmteaterwurk.nl

Wy ha ûndertusken kontakt hân mei famyljes fan Enne Bruinsma en Gerrit Joustra, mar is der ek ien dy't ús ynformaasje jaan kin oer neibesteanen fan Andries Joustra? Dan graach efkes belje mei 06-44080858.

“Troch stil te stean by it ferline, besykje wy de takomst te hoedzjen.”

Hoe is it no mei... Jelly Abma-Zijlstra?

Troch Bauke de Boer

My is frege in stikje te skriuwen oer de tiid dat ik yn Easterein wenne. Myn namme is Jelly Abma en ik ben 60 jier lyn berne yn de Andries Joustrastrjitte op nr 18 as fjirde yn it gesin fan Minne en Annie Zijlstra. Myn broer Sytze Mink en sussen Aly en Maaïke Annie binne allegear yn Easthim berne. Se ferhúzen yn 1963 nei Easterein doe't ús heit wurk krige op 'e súvelfabryk.

Yn '64 bin ik berne; in echte Eastereiner dus. Nei my ha ik in noch in suske Antje en broerke Johannes krigen. Om't it hûs wol wat krap waard foar 8 minsken binne we yn 1971 ferhúze nei it Kleaster oan 'e oare kant fan it doarp. Doe moasten we in hiel stik fierder rinne nei skoalle. We sieten mei 16 bern yn 'e klasse; 10 famkes en 6 jonges. Fierder wit ik der net safolle mear fan. Ik ha in hiel skoft op gymnastyk sitten en koe wol leuk meikomme. En fansels op it famkeskoar "De Greideklanken" wêr't alle famkes fanôf de 5e klasse by mochten. We ha 2 platen opnommen. Se ha noch by ús yn't tsjerke songen doe't wy trouden yn 1988.

Ik bin troud mei Doekele Abma en ha 12,5 jier yn Abbegea wenne op 'e pleats. Ik wurke doe by de Rabobank yn Wommels, letter yn Boalsert en de lêste jierren (fan de 25 jier) yn Snits.

We ha 3 bern krigen. Anne-Symen, dy de measten fêst wol kinne, want hy hat in pear jier yn Easterein wenne. Hy wennet no yn Frjentsjer mei Lisanne en Melle, dy't ynmiddels alwer 1,5 jier is. Dêrnei is Esther berne. Sy is troud mei Ype en hat in jonkje dy't no 3 jier is en Djurre hyt. Se wenje yn Penjum. As 3e yn 'e rij is Ineke berne. Sy wennet al in oantal jierren yn Zwolle mei Thomas.

We binne yn 2001 nei Arum ferhúze en dêr wenje we no noch steeds. Ik wurkje no sa'n 5 jier by Post.nl en bring dit yn it doarp rûn, fan tiisdei tot sneons. Moandeis is myn oppasdei. Dan komme de beide mantsjes by ús thús. Wat is dat prachtich om te dwaan en dêr genietsje ik o sa fan!

No, dat wie it wol sa'n bytsje.

Hertlike groetnis fan Jelly Abma-Zijlstra út Arum



Waar vind je een AED in Easterein?



- *Andries Joustrastrjitte 16, plek buitenmuur woning, permanent beschikbaar*
- *Restaurant-Partycentrum Bergsma, Sibadawei 2, plek buitenmuur, permanent beschikbaar*
- *Sporthal de Greidhoeke, Stittenserleane 29, plek buitenmuur, permanent beschikbaar*
- *Martinitsjerke, Tsjerkebuorren 2, plek buitenmuur, permanent beschikbaar*
- *Huisartsenpraktijk Wommels-Easterein, Van Eijsingaleane 10, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *De Skoalleseize, It Heechhiem 11, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *Drukkerij Van der Eems, Sibadawei 20, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *Bos Mechanisatie, Sibadawei 24, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *Fam. Postma, Skrok 11*

leapsalon 't Kniplokaeltsje



Op freed fan
18.00 - 20.00 oere
sûnder ôfspraak!

Skilplein 1
8734 GW Easterein
Tel.: 0515 - 33 23 20

Oant sjen!



Schade? Bel: 0515 336585

Wij verzorgen uw
complete schade

Wij spuiten keukens
en ander meubilair

www.autoschadevankrimpen.nl

NIEUW IN FRIESLAND!

Speel jij al een instrument of zou je graag een instrument willen leren bespelen?
Dan ben je bij Muziekschool Friesland aan het juiste adres!

Je krijgt les van professionele en zeer ervaren muzikanten en speelt vanaf de eerste les op het instrument dat je graag wilt leren. Piano, keyboard, gitaar, drums, zang, bas of zelfs licht- en geluidstechniek.

Nu ook gitaarles in Easterein!

Bel of mail Gerrit Hingst voor meer informatie,
06 184 21 578 / gerrit@muziekschoolfriesland.nl



**MUZIEKSCHOOL
FRIESLAND**

PRAKTIJKGERICHT ONDERWIJS

www.muziekschoolfriesland.nl

Nijsgjirrich Tsjerkenijs


Troch Nicolette Vlaming

Filmavond op donderdag 16 januari

Met elkaar kijken we een film rond een thema. Veelal zijn het films die op de waarheid berusten en die raken aan thema's uit ons dagelijks leven of de actualiteit. Na afloop bespreken we wat ons opviel en wat ons raakte. Opgeven is niet nodig, er is altijd wel een plaatsje vrij. **Let op:** deze keer in de huiskamer van de familie Zijsling, Middelzeedijk 3 in Hartwerd.

Samen eten

De kookgroep gaat weer aan de slag om een lekker menu te bedenken zodat iedereen kan aanschuiven op **donderdag 13 februari** om 12.00 uur in de Skoalleseize. Kosten € 7,50 pp. Graag opgeven bij Annie Sjaarda (06-20765494) vóór maandag 10 februari.



Fan de Foareker

Troch Lineke Bakker



Sinteklaas op skoalle

Op tongersdei 5 desimber krigen wy op skoalle besite fan Sinteklaas mei 2 fan syn Piten. Lykas elts jier wer tige spannend. Soe Sinteklaas it paad wol fine kinne nei ús skoalle? De trochgeande dyk wie ôfsluten. Lokkich hiene de bern fan de groepen 1 oant en mei 4 pylken makke, sadat Sinteklaas wist hoe't se by skoalle komme koene.

Sinteklaas kaam feilich oan op de Foareker yn in shovel en 2 Piten op de fyts. De beukers sieten al klear foar dit spannende barren!





Surprizes

De bern fan groep 5/6 en groep 7/8 hiene surprizes makke. Elts jier wurde der wer de prachtichste, kreative surprizes knutsele. Mei in passend gedicht derby hiene se mei inoar in protte wille!





Vind jij het, net als ons, enorm belangrijk dat onze leerlingen elke dag spelen, leren, werken en groeien in een schone, frisse omgeving?

We staan te springen om jouw hulp!

*Gezocht
per direct*

Schoonmaker m/v

*duo-baan
6-7 uren p/w*

Start 2025 met een nieuwe bijbaan!

Word, als collega van Greetje, één van onze zeer gewaardeerde, onmisbare schoonma(a)k(st)ers en zorg samen voor een schone werk- en leeromgeving voor onze leerlingen en docenten!

Wat en wanneer?

- Maandag t/m vrijdag, ca. 75-90 min per dag
- Je werkt samen met Greetje (*tijdstip in overleg*)
- Gewapend met stofzuiger, sop, doek en dweil maken jullie samen een poetsronde door de school: *hal, klaslokalen, werkruimtes en toiletten*
- Wanneer jullie de deur weer achter jullie dichttrekken is onze school weer *spic en span*, klaar voor een nieuwe schooldag voor onze leerlingen en personeel
- Salaris conform cao




Zie jij jouw kans schoon? Neem z.s.m. contact op met Lineke Bakker, directrice van de Foareker: linekebakker@wiis.nl of bel 0515-332275 en vraag naar Lineke. Oók wanneer je nog vragen hebt!

Krystdiner

Dizze kear ha wy op de Foareker it Krystfeest fierd mei in krystdiner. Alle âlders hiene wat lekkers makke. It speellokaal wie ynrjochte as in restaurant. Ferskate âlders en âld-learlingen holpen yn de betsjinning.

Nei it diner koene de âlders de bern ophelje út de mienskipsumte. Dêr ha alle groepen in stikje sjen as hearre litten oer it Krystferhaal.



Willy Sybesma (skoalle) Fotografie

Hofsleane 5 Easternen

www.willysybesma.nl

Sykje jo een fotograaf foar it meitsjen fan foto's fan:

- De famylje
- Jim gesin
- Jimme swangerschap
- Jo bedriuw

Dan bin ik miskien wol de fotograaf foar jim !

Wolle jo ris yn petear mei my oer een fotoreportage?

Belje kin nei:

06-48071440

Of mailt nei:

info@willysybesma.nl



Wachtsje net mei it fêst lizzen fan oantinkens oant letter
want letter is no!



SPECIALIST OP HET GEBIED VAN TUIN- EN PARKMACHINES

Onze ervaren medewerkers adviseren u graag over de machines die het beste passen bij uw specifieke situatie. Dat kunnen nieuwe producten zijn, maar we bieden ook tweedehands machines aan.



Tuin- en parkmachines



Verhuur



Service & Onderhoud

ONZE MERKEN:



BOS

mechanisatie

- BOSSHOP
- LANDBOUW
- TUIN & PARK
- INDUSTRIE

WWW.BOSMECH.NL

SIBADAWEI 24
8734 HE EASTEREIN
0515-332125

WESTEREIN 9
8571 GB HARICH
0514-602922



Oranjeferiening 'Oranje en Heitelân'

nûget jimme fan herte út foar de ledegearkomste op **freed 7 febrewaris 2025** jûns om **20.00 oere** yn De Skoalleseize.

1. Iepening troch de foarsitter
2. Notulen fan de foariche ledegearkomste
3. Jierferslach oer 2024
4. Finânsjes
 - Finânsjeel ferslach oer 2024
 - Ferslach kaskommisje (Gerben Kooistra en Anne Joke Bakker)
 - Beneaming nije kaskommisje
 - Begrutting 2025
5. Bestjoersmutaasjes: *Oftredend:* Johannes Huitema
Frida Buijsman
Foardracht: Siep Stoffelsma
Karin van Wees

Skoft

6. Foarstel oan de gearkomste
 - Neidruk op de optocht, buertfersiering regulier
 - Frijwilligersbelied
 - Kontribúsje lidmaatskip
7. Tiid foar:
 - Programma Keningsdei
 - Programma en line-up Doarpsfeest 2025
 - Deadebetinking en 80 jier befrijding
 - Sinteklaasfeest
8. Rûnfraach
9. Sluting



Neisit mei muzyk fan DJ 'Piece of Kees'.

Graach oant sjen!

Groetnis, de Oranjeferiening

Marco, Baukje, Eelco, Frida, Johannes, Hendrik, Robert, Kees en Anneke



Theunis Hofstee

Fabrykswei 1 8734 HV Easterein info@theunishofstee.nl 0515-331280

*voor het totale
plaatje naar* **V.D. WERF**
BOUWSERVICE

- Badkamer & toilet - renovaties & tegelwerk
- Kozyinen, Deuren & beglazing (kunststof & hout)
- Gevelbekleding & dakgoten (kunststof & hout)
- Dakwerk, dakkapellen & zonwering
- Aanbouw, verbouw & timmerwerkzaamheden
- Verkoop bouwmaterialen

06-46117123 • WWW.VDWERFBOUWSERVICE.NL

BOUWEN & VERBOUWEN

De pinne

In earste plakje fine foar ús tegearre: hiel bysûnder en leuk, mar ek wol in útdaging. Dochs binne wy yn Easterein slagge!

Wy, Bouke (26) en Eida (24), wenje sûnt maaie 2024 oan 'e Stittenserleane. Of noja, wenje... earst binne wy tegearre mei famylje flink oan 'e klus west om it hielendal nei ús eigen sin te meitsjen, mar no genietsje wy folop fan ús paleiske.



Foar Eida is Easterein in thúswedstriid. Sy is opgroeid yn Itens, hat wurke yn 'e Jumbo en kaam in soad by Bergsma. Foar Bouke wie it in gruttere stap, hy komt fan Wikel en hat studearre yn Grins. Mar wy fiele us hielendal thúshy yn it moaie Easterein, mei famylje en freonen om 'e hoeke. En Gasterlân is ek mar in heal oerke riden!

Bouke wurket yn Grou, by de FUMO as tafersjochhâlder. Eida wurket by Brandmerck en Okkinga Communicatie yn Boalsert as content marketeer. Dêrneist stiet Bouke geregeld op de padelbaan en dûnset Eida elke wike yn Ljouwert. Fierder dogge wy graach spultsjes, geane bûten in blokje om of piele wy lekker om yn of bûten ús hûs. **Wa wit oant gau yn it doarp!**



**Voor meer wooncomfort
van kelder tot dak**



Lid van
UNETO-VNI



ATAG
Verwarming

**Fabrykswei 7 Easterein
T. 0515 - 331 512**

Uw totaal installateur

**www.dejonginstallatiebedrijf.nl
info@dejonginstallatiebedrijf.nl**

ropa

NATUURSTEEN

hardsteen - composiet - marmer - graniet

Keukenbladen | Vensterbanken | Interieur-Afbouw | Dorpels
Gevelbekleding | Grafmonumenten | Restauratie en onderhoud

T: 06-36499860 E: info@ropanatuursteen.nl

Toarnwerterleane 3, 8845 SE Waaksens

WWW.ROPANATUURSTEEN.NL



Fizel

DROGISTERIJ - PARFUMERIE

TERP 52, 8731 BA WOMMELS
TELEFOON 0515 333 210

Nijs fan Nij Stapert

Troch Cor Valkema

Sinds 1951 is 'Nij Stapert' al een begrip in Wommels en omstreken. Velen kunnen het gebouw aan de Van Sminialeane nog wel voor ogen krijgen. In 1977 is het karakteristieke pand afgebroken en vervangen door het huidige 'Nij Stapert' aan de Sybren de Vlasstrjitte. "'t wie goed, mar koe better" zegt een steen in de gevel van het huidige pand. Slechts de toegangszuilen en de gemetselde brug tegenover het Swingoerd herinneren nog aan die tijd.

Een tijd die niet is blijven stil staan. 'Nij Stapert' is al lang geen huis meer voor de ouden van dagen, maar heeft zich ontwikkeld tot een tehuis voor hoogwaardige ouderenzorg. Van gemeentelijk rusthuis naar zelfstandigheid, via schaalvergroting naar Tellens en daarna nog groter naar Patyna. Kortom, een hele verandering. En veranderingen heeft de tijd ons geleerd, blijven er komen. Zeker vandaag de dag.

De personeelskrapte wordt voelbaar, de marktwerking laat qua financiering zijn sporen na. Ondanks die bedreigingen bezuinigt Patyna niet op de directe zorg. Zo is er een project 'regie op dienstverlening' gestart, waarbij alle toegeleverde zorg tegen het licht is gehouden. De technische dienst is anders georganiseerd, de schoonmaak van de algemene ruimten wordt op een andere manier uitgevoerd en de linnenverzorging is uitbesteed zonder dat de zorg tekort is gekomen.

Eind februari 2024 is in 'Nij Stapert' gestart met de pilot van 'Reablement', waarbij nauw is samengewerkt met de Universiteit van Maastricht en het programma 'Waardigheid en Trots' van het Ministerie van VWS. Met als doel om de zelfredzaamheid en kwaliteit van leven van bewoners te verhogen, het werkplezier te vergroten en de zorgkloof te verkleinen. Na vier maanden was al zichtbaar dat de bewoners actiever en zelfstandiger zijn geworden. Er zijn meer sociale contacten ontstaan, bewoners scheppen zelf weer hun eten op, smeren hun brood en gaan zelfstandig naar het restaurant. Er zijn ook bewoners die zichzelf weer kunnen wassen en aankleden, soms met een beetje hulp van een medewerker. De inzet van technologie werpt ook zijn vruchten af. Zo is er bijv. de Medido, een medicijndispenser, waardoor bewoners zelfstandig hun medicatie op tijd kunnen innemen.

'Reablement' heeft niet alleen een positief effect op de bewoners, maar ook op medewerkers en vrijwilligers. Die ervaren meer tijd en ruimte doordat ze bewoners stimuleren om zelf meer te doen, een win-win situatie. Bovendien is de samenwerking verbeterd en is er meer werkplezier. In plaats van alleen te focussen op ondersteuningsvragen, kijken ze nu naar wat bewoners zelf kunnen of kunnen leren. Dit levert niet alleen blijde bewoners op, maar ook tijd voor meer persoonlijke aandacht. Medewerkers leren hierdoor de bewoners nog beter kennen. In de komende maanden worden de andere teamleden ook geschoold en zal dit door alle locaties van Patyna worden uitgerold.



Wist u trouwens ook dat 'Nij Stapert' terug te vinden is op Facebook?

Zoek 'MARIKE van Patyna – Nij Stapert' op en u krijgt regelmatig foto's of een kort filmpje te zien van gehouden activiteiten.

"In sijn en waarm 2025!"



SUCCESVOL AFVALLEN & OP GEWICHT BLIJVEN

Dat afvallen ook leuk kan zijn bewijst PS food & lifestyle; het programma dat verse groenten, zuivel, vlees(vervangers) en vis combineert met koolhydraatarme én eiwitrijke producten zodat je vet verbrandt en geen spieren.

Dé manier waarop het wel lukt.

Begeleiding

Professionele en ervaringsdeskundige coaching in Wommels, Terschelling en online

EMS-training

Train je grootste spiergroepen in slechts 20 minuten inbegrepen in afslank programma!

Gewichtsbehoud

Wensgewicht behaald? Ik bied je **VIJF JAAR** gratis nabegeleiding!

DAAROM GA JE NAAR BALANSIE!

Wil jij ook gezonder leven én lekker blijven eten?
Plan dan nu je GRATIS intakegesprek en ik informeer je graag naar de mogelijkheden van mijn begeleiding.

www.balansie.nl | 06 - 15 90 61 19

Beleef het in de bibliotheek

Lezing digitaal nalatenschap

Wat moet er na je overlijden allemaal geregeld worden op digitaal gebied? De presentatie wordt verzorgd door Renée Kamphuis van SeniorWeb. **Vrijdagmiddag 24 januari van 15.30-17.00 uur.** Geef je op aan de balie of via de website.

Bij digitale nalatenschap kan je denken aan:


Toegang tot je apparaten (tablet, smartphone en computer); Social media accounts; Andere accounts, zoals Google, Microsoft en Apple; E-mailberichten, moeten deze bewaard blijven? Foto's, welke moeten bewaard blijven, wie mag er toegang tot je foto's? En nog veel meer! Tijdens deze middag krijg je concrete handvatten om aan de slag te gaan met jouw digitale nalatenschap. Zo weet je waar je rekening mee moet houden rondom je digitale erfenis en kan je ervoor zorgen dat het makkelijker wordt voor je nabestaanden.

Woensdag 29 januari om 14.30 uur lezen we het Prentenboek van het Jaar 2025: 'Rinus' van Ingrid en Dieter Schubert (4-8 jaar). Opgeven via bmf.op-shop.nl of aan de balie.

Boekbespreking

Woensdagavond 29 januari bespreken we het boek 'Schemering' van Phillipe Claudel. Wil je meepraten? Dat kan! We beginnen om 19.30 uur en sluiten uiterlijk 21.30 uur af. De koffie en thee zijn gratis. Opgeven aan de balie of via wommels@bmf.nl

Maandag 27 januari is de bibliotheek gesloten i.v.m. een beleidsdag. Ook de andere bibliotheken van Mar en Fean zijn deze dag gesloten.



Ut de húshâlding fan... Oplossing

Dizze kear in foto út de húshâlding fan
Martin Overal en Elisabeth Breeuwsma: Jeljer en Janneke



INT. HANDELS- EN TRANSPORTBEDRIJF

GEBR. VELLINGA B.V.

SIBADAWEI 26A · 8734 HE · EASTEREIN
FOURAGE: 0515 - 331565 · TRANSPORT: 0515 - 333510
GEBR.VELLINGA@HETNET.NL · WWW.GEBRVELLINGA.NL



(INTERNASJONAAAL) TRANSPORT · MINGFOER
RUWFOER · HOBBYFOER · DONGSTOFFEN
STRUISEL · GERSBROK

IEPENINGSTIDEN: TIJSDAI 09.00-17.00 OERE EN SNEON 08.30-12.00 OERE

De koksmûtse: Arretjescake

Troch Annebeth de Jong

Perfect om overgebleven strooigoed en kerstkransjes, etc. op te maken, maar natuurlijk ook heerlijk om al voor de feestdagen te maken!



Ingrediënten:

- 250 g pure chocolade
- 150 g melkchocolade
- 175 g zachte boter
- 4 el stroop

Voor de vulling:


- 200 g kruidnoten of pepernoten
- 75 g schuimpjes
- 40 g minimmarshmallows
- 1 el discodip
(hier kun je mee variëren, net wat je in huis hebt)

Bereidingswijze:

- Hak de chocolades in grove stukken en smelt de stukken in een pan op matig vuur, samen met de boter en de stroop (ik doe dit au bain marie).
- Hak 150 gram van de kruid- en pepernoten en 50 gram van de schuimpjes in grove stukken. Roer deze door de gesmolten chocolademassa, samen met de minimmarshmallows. Zorg dat alle vulling goed bedekt is met chocolade.
- Schep het geheel in een met bakpapier beklede vierkante of rechthoekige (brownie)bakvorm of ovenschaal. Druk mooi plat en verdeel er de overgebleven kruid- en pepernoten en schuimpjes en de discodip over.
- Laat enkele uren (of een nacht) uitharden.
- Snijd in kleine vierkantjes; het is heerlijk machtig!

Bernehoekje
Troch Froukje Dijkstra





*Spul of gjin spul?
Altijd een boppeslach met MRW.*

“Duurzaamheid zit in ons hart”



Duurzaamheid is het goed doorgeven aan de volgende generatie. Dit zit in het hart van ons familiebedrijf. Omdat elke generatie een mijlsteen voor de volgende wil leggen. Dit vraagt om langetermijnvisie. Voor ons is de relatie tussen leven en werken – ons bedrijf en de samenleving – zonneklaar. Werken is voor ons daarom ook synoniem aan meewerken aan een duurzame(re) wereld. Juist daarom produceren wij drukwerk CO2 neutraal!



drukkerij van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN